

Bijlage HAVO  
**2018**

tijdvak 1

**Fries**

Tekstboekje

### Falt der noch wat te laitsjen yn Fryslân?

(1) De seal siet fol by de finale fan de twadde edysje fan it Ljouwerter Kabaret Festival. Folop Friezen yn it publyk, mar mar ien op it poadium.

5 Douwe Gerlof Heeringa hold de eare heech foar Fryslân, mar moast tasjen hoe't Fabian Franciscus út Utrecht mei de winst útnaaide. Is dat in teken dat it net oerhâldt as it giet om  
10 Fryske kabaretiers, of krekt it bewiis dat kabaret hjir yn opmars is?

(2) Wa't tinkt oan Fryske kabaretiers komt al gau út by Teake van der Meer (De Westereen, 1936) en

15 Rients Gratama (Peinjum, 1932)<sup>1</sup>.

Bekende nammen yn de Fryske teaterwrâld, mar rop se yn Amsterdam om en gjin minske sil opsjen. Hiel oars is dat mei Jan Jaap  
20 van der Wal (Ljouwert, 1979), dy't al jierren Nederlânsk entertainer is en yn Amsterdam wennet. En sa giet it mear Fryske kabaretiers dy't foar in karriêre ferhúzje nei de Rânestêd ta,  
25 dêr't de widze stiet fan de Nederlânske stand-upcomedy<sup>1</sup>.

Leaver optrede op in iepen poadium yn Utrecht as om 'e hoeke yn it doarpskafee fan Easterein. Tiid om  
30 de stân fan saken op te meitsjen. Want mei it ôfskied fan Rients en Teake yn it foarútsicht riist dochs dy iene prangjende fraach. Falt der

aanst noch wol wat te laitsjen yn  
35 Fryslân?

(3) Hy wennet al jierren yn Almere en spilet yn it Nederlânsk, mar wannear't stand-upcomedian Jacob Spoelstra (Burgum, 1970) begjint te  
40 praten is fuortendaliks dúdlik wêr't er weikomt. Hy makke fan syn Frysk aksint dêrom mar syn hannelsmerk.

“Ik profilearje my mei myn Frysk aksint troch it út te fergrutsjen. De  
45 wize dêr't ik it op praat is dêr in belangryk ûnderdiel fan. Sels as ik by it kofje-apparaat op it wurk gewoan wat fertel, moatte minsken al om my laitsje. Dat is fansels ekstra handich  
50 wannear't ik op it poadium stean.”

(4) Jacob profilearret him net allinne mei syn aksint, ek syn Frysk komôf spilet in rol yn syn shows. “Minsken bûten Fryslân hawwe noch altyd  
55 foaroardielen as it om Friezen giet. Wy binne net al te tûke, lompe boeren, dy't boppedat stiif binne. Oan my de útdaging om dat byld mei snedige opmerkingen tuskentoch op  
60 'e kop te setten. In pear grappen oer Friezen dogge it altyd goed, mar folle langer as fiif minuten haw ik it dêr net oer. Op fersyk doch ik noch wol shows yn it Frysk, mar dat bliuwt les-  
65 tich, omdatst alles oersetse moast. En in grap letterlik fertale, dat wurket net.”

(5) Minsken yn de Rânestêd laitsje litte óm Friezen is fansels hiel wat  
70 oars as Frysk publyk yn Fryslân te fermeitsjen. Dochts docht Jacob ek geregeld optredens yn Fryslân, mar eins allinne as er frege wurdt. It ferskil tusken de Rânestêd en  
75 Fryslân is nammentlik dat stand-upcomedy hjir minder libbet. “Fryslân is by útstek in provinsje dy't fan âlds op toaniel fokusse is. Mear mei typkes en ferklaaien, sa't Teake van der Meer dat brûkt yn syn shows.  
80 Stand-upcomedy fan no is wat dat oanbelanget hiel oars. Mar ik sis net dat stand-upcomedy en Fryslân net byinoar passe. Humor is oeral

85 itselde, ast it mar goed bringst en  
 ôfstimst op it publyk.”  
**(6)** Akteur en kabaretier Jörgen  
 Scholtens (Burgum, 1987) ferhuze in  
 pear jier lyn foar syn aktearkarriêre  
 90 nei Utrecht ta om yn de soap  
*Onderweg naar Morgen* te spyljen.  
 Syn eigen shows binne hielendal yn  
 it Nederlânsk. “Ik bin in Nederlânske  
 kabaretier. Ik haw hiel bewust myn  
 95 Frysk aksint ôflearde om alle rollen as  
 akteur spylje te kinnen. Foar my is  
 dat hiel logysk, omdatst dyn wurkfjild  
 sa grut mooglik meitsje wolst. Wa’t  
 allinnich yn it Frysk optreedt, beheint  
 100 himsels ta sealtsjes en doarpshuzen  
 yn Fryslân.”  
**(7)** In soad Fryske kabaretiers sjocht  
 Jörgen lykwols net yn it kabaret-  
 wrâldsje. “It falt my op dat der in hiel  
 105 soad talint út Brabân en Limboarch  
 komt. Dat hat miskien ek wol wer te  
 krijen mei de taal. It liket wol as  
 makket dy ‘zachte g’ it al gau ekstra  
 grappich of sa. Dat is it grutste  
 110 neidiel fan it Frysk: it is echt in oare  
 taal as it Nederlânsk en dêrtroch net  
 te ferstean bûten Fryslân. Optrede yn  
 dyn eigen taal wurdt lykwols wol  
 hieltyd mear in trend, fernim ik.  
 115 ‘Algemeen Beschaafd Nederlands’ is  
 út, wês mar gewoan dysels, jildt no  
 as motto.”  
**(8)** In healjier stiet er no as kabaretier  
 op ’e planken. Douwe Gerlof

120 Heeringa (Deinum, 1980) syn shows  
 binne oan no ta yn it Nederlânsk, mar  
 likeleaf docht er it yn syn memme-  
 taal. Op it stuit is er dwaande mei in  
 jûnfoljende foarstelling, dy’t er  
 125 folslein yn it Frysk bringe sil. “Ik haw  
 in ferhaal dat ik kwyt wol en dat  
 slagget my it bêste yn myn eigen  
 taal. Yntime mominten en hurde  
 grappen wikselje inoar ôf. Dy kin ik  
 130 ek it bêste ferwurdzje yn it Frysk. Ik  
 sjoch it wol as opstapke: slacht de  
 show oan, dan sil ik ’m seker ek  
 bewurkje foar it Nederlânsk om mei  
 sa’n produksje nei teaters bûten  
 135 Fryslân ta te reizgjen.”  
**(9)** Oer reizgjen praat: as iennige  
 kiest Douwe Gerlof derfoar om wer  
 yn Fryslân te wenjen. Ynkoarten  
 ferhuzet er fan Grins nei Ljouwert ta.  
 140 “Ik wol wenje wêr’t ik weikom. En dat  
 is Fryslân. Dat betsjut dat ik fier  
 reizgje moat foar optredens yn de  
 rest fan it lân. Twa oeren ûnderweis  
 foar in stand-upshow fan fiif  
 145 minútsjes. Giet it goed, dan hast it  
 der graach foar oer, mar hast dyn jûn  
 net, dan duorret de weromreis wol  
 hiel lang. Mar ek dat haw ik der foar  
 oer. Hoechst net perfoarst yn de  
 150 Rânestêd te wenjen om troch te  
 brekken. Ik sil it tsjindiel besykje te  
 bewizen.”

*naar: Nynke van der Zee, de Moanne, november 2013*

noot 1 Rients Gratama is op 6 septimber 2017 yn de âldens fan 85 jier ferstoarn.

noot 2 Stand-upcomedy is in foarm fan teater mei ien man of frou dy’t in rige anekdoaten en grappen fertelt.

### Fryslân yn in modern jaske

**(1)** Wurket Fryslân as in neidiel? Earder iepene it doarren oer de hiele wrâld hinne. Hoe dan ek, it moat oars. Hjoed-de-dei soene grinzen  
5 foar de Friezen eins net bestean moatte. Sûnder soe Fryslân mear kânsen hawwe yn de gruttere wrâld, mient in tal foaroansteanden. It is dy globalisearring dy't in oanslach docht  
10 op de regionale identiteit, of leaver de Fryske identiteit. It is de fraach oft soks slim is.

**(2)** De grutste kulturele en ekono- myske wearde fan Fryslân sit net yn  
15 wat der is of wie, mar yn hoe't Friezen harren ûntjouwe. De yndustrialisaasje hat yn de foarige iuw syn spoaren efterlitten en de digitale revolúsje docht dat no op 'e nij. It  
20 plattelân is feroare, de mienskip is oars wurden en dêrmei ek de regionale identiteit.

**(3)** Krekt yn de sektoaren dêr't Fryslân oer de hiele wrâld foar  
25 master yn opslacht, hat de ynfloed op it eigene yn de ôfrûne iuw it grutst west. Dat de Friezen mei melkfee en suvel al sûnt minskeheugenis foaroprinders binne, soks hat  
30 konsekwinsjes. De boerepleatsen binne no kapitale melkfeehâlderijen dy't machtich oprize oan de kleare kimen. De skaalfergrutting yn de lânbou makket dat de boeren mei-  
35 inoar hast gjin mienskip mear binne. Harren katedralen steane hjir en dêr ferspraat op in grutte griene tekken fan gers sûnder blommen en ek meastentiids sûnder kij.

**(4)** Lit de agraryske sektor yn Fryslân  
40 wichtich, mar nei ferhâlding ekono- mysk fan lytsere betsjutting wêze as

yn it ferline, yn it bûtenlân is de kennis en ekspertize út Fryslân fan  
45 grutte wearde. De namme Friesland stiet lyk mei grutte kwaliteit as it giet om fokfee en suvel.

**(5)** Ek by de fúzje ta it grutste koöperative suvelkonsern fan de  
50 wrâld bleau de namme Friesland oerein. Mei de koöperaasjenamme Friesland Campina is it bêste yn ien ferienige. Sjoerd Galema fan Hartwert, lid fan it bestjoer en de ried fan  
55 kommissarissen fan Friesland Campina, mei 14.000 oansletten boeren yn Nederlân, België en Dútslân, sjocht de bysûndere wearde fan it merk Fryslân/Friesland. "It stiet gelyk  
60 oan wearden, oan bylden. Dêr profitearje wy fan, mar oaren ek."

**(6)** Undernimmers soene de Fryske grinzen net kultivearje moatte, warskôget topûndernimmer John  
65 Fentener van Vlissingen. It soe krekt wêze kinne dat it Fryske imago yn it neidiel útwurket. Is it kokettearjen mei it Frysk en mei Fryslân wol sa'n goede saak? Fentener van  
70 Vlissingen hat syn twivels. "Fryslân wurdt út de Rânestêd wei as apart sjoen. Sa stelt Fryslân him ek op. Mar smyt dat wat op, as men hieltyd seit dat men apart is?"

**(7)** "Foaroprinders litte harren net begrinzgje troch grinzen", fynt  
75 Galema. "Dy Fryske identiteit kin men brûke. Wy hawwe in *unique selling point* yn hannen." Neffens Galema is der in kulturele, taalkundige en maat-  
80 skiplike ienheid yn Fryslân, ek al nimt de krêft dêrfan neffens him ôf. Hy sjocht it gefaar yn it trochdrammen. "Dan wurdt it in neidiel."

85 **(8)** Doutzen Kroes slagget it om de  
wearde en de wearden fan Fryslân  
yn in moderne fariant wer te jaan. Sy  
bereizget de wrâld, respektarret dy.  
Tagelyk komt se thús yn Fryslân en  
90 is dêrbûten in weardich ambassa-  
drise foar har heitelân. De Amster-  
damske marketinggoeroe Cor  
Hospes neamt it topmodel as foar-  
byld fan hoe't it moatte soe, útsein  
95 har ferskinen yn in reklamespot foar  
de kofje fan Douwe Egberts. "Hâld op  
mei hieltyd wer it behâldene sjen te  
litten. Lit ús de Fryske identiteit  
modern fertale."  
100 **(9)** Hospes hat net safolle op mei it  
útfargergrutsjen fan de folkloristyske  
kant fan Fryslân. Syn advys is om it  
toeristyske imago dúdlik te skieden  
fan it saaklik imago. Fryske ûnder-  
105 nimmers soene harrensels yn de  
spiegel oansjen moatte. "Ienfâldich de  
fraach stelle: Wa binne wy? Wat  
wolle wy wêze?" Der is by de Fryske  
ûndernimmers in grutte skat beskik-  
110 ber, is de oertsjûging fan Hospes.  
"Utgongspunt is it fakmanskip, mar  
belûk it âlde der net oanhâldend by.  
Bring it mei fernijing, mei in moderne  
snjit."  
115 **(10)** In foarbyld is foar Hospes  
Keninklike Tichelaar yn Makkum, it  
âldste bedriuw fan Nederlân en oer  
de hiele wrâld in begryp as it giet om  
keramyk. Sûnt 1572 hat it bedriuw in  
120 skat oan kennis en kunde opboud.  
Yn it ambacht sit de krêft fan Tiche-  
laar, mar dat wurdt no brûkt foar  
spesjale projekten fan arsjitekten,  
keunstners en ûntwerpers. Hiel  
125 resolút hat it bedriuw ôfskied nom-  
men fan in gruttere produksje fan it  
tradisjonele Makkumer ierdewurk en  
rjochtet him no op it design fan hjoed  
en dêrmei op it kultureel erfgoed fan  
130 de takomst. It hat in eigensinnige kar

west fan direkteur Jan Tichelaar om  
sa foaroprinner te bliuwen. Troch te  
ynvestearjen yn nije wegen hat it  
bedriuw no yn de hiele wrâld in  
135 foaroansteande posysje as it giet om  
it produsearjen fan keramyk.  
**(11)** "De krêft fan Fryske ûndernim-  
mers sit yn it grutske, it oprjochte",  
seit Hospes. "Dat grutske soene se  
140 útfargergrutsje moatte." De skriuwer fan  
ferskate marketingboeken is berne  
op It Hearrenfean en is grutsk op syn  
Frysk flachje fan SC Heerenveen. It  
is him in wille om it yn Amsterdam  
145 sjen te litten. "Altyd positive reaksjes,  
dat moatst dus brûke. It falt my op  
dat it Fryslângefoel ûnfoldwaande  
benut wurdt."  
**(12)** Dat sjocht ek Sjoerd Galema. As  
150 foarsitter fan de wurkjouwersorgani-  
saasje VNO-NCW Friesland, dêr't  
likernôch fiifhûndert ûndernimmers út  
de provinsje by oansletten binne,  
konstatearret er somtiden in soarte  
155 fan underdoggefoel by Fryske  
ûndernimmers. 'De grins oer', is it  
advys fan Galema oan ûndernim-  
mers. "Ek al falt it net elk like maklik  
om de grins oer te gean. Fryske  
160 ûndernimmers moatte dêr hurder  
wurkje om in opdracht binnen te  
krijen. Mar as it safier is dan is der in  
relaasje foar jierren. Dan is de  
noardlike mentaliteit fan wearde:  
165 ôfspraak is ôfspraak."  
**(13)** De Fryske ekonomy kin wol in  
triuwke brûke. Hospes hopet dêrom  
dat o sa socht wurdt nei it 'moderne  
jaske' om it grutte barren fan Kultu-  
170 rele Haadstêd 2018 ta in sukses te  
meitsjen. It is neffens him saak foar  
de Friezen om harren te ûntlûken oan  
it byld fan it autentike en it behâld fan  
it eigene. "Ien fan de bêste wearden  
175 fan Fryslân is dat wy in bytsje oars  
binne. Toan dat."

*naar: Bert de Jong, de Moanne, januari 2015*

### Tútsje

(1) Juster stie der in artikeltsje op itnijs.frl oer de skiednis fan tútsjen as middel om affeksje sjen te litten. Yn de reaksjes ûnder it stik stelde ien my persoanlik de fraach wêrom't it Frysk net in etymologyske wjergader hat fan 'kussen', 'küssen', 'to kiss' en sokke wurden mear. Hy of sy frege ek hoe âld oft it Fryske wurd 'tútsje' is. It like my it aardichst om it antwurd yn in stikje te ferwurkjen. Dat, hjirby.

(2) De âldste teksten mei 'tútsje' deryn dy't ik yn 'e gauwichheid fûn haw, komme út de 18de iuw. Yn in tekst út 1748 stiet in rymke dat ús foarhâldt dat it bêd bedoeld is om op te sliepen en net om de bêdgenoat oan te krûpen:

“Op 't baed der is 't dy tyd fin resten,  
Der past nin tuwttjen, in nin spil, Dat haerdde ik fin uwz pâkke lesten ...”  
 (“Op bêd, dêr is it tiid fan rêsten, dêr past gjin tútsjen en gjin spul, dat hearde ik fan ús pake lêsten.”)

(3) Ik slút net út dat ien dy't wat langer siket noch wol âldere foarbylden fine kin. Der is trouwens ien sitaat fan de 19de-iuwske taalentûsjast Paulus Scheltema, dy't hawwe wol dat er 'tútsje' al yn Frysk fan de 15de iuw oantroffen hat, mar hy skriuwt net wêr en hy is as boarne sa ûnbetrouber dat er yn syn eigen tiid al 'Paulus Liger' neamd waard.

(4) Fansels hat it Frysk fanâlds ek in wurd dat besibbe is oan wurden lykas 'kussen', 'küssen', 'to kiss', dy't yn 'e oare Germaanske talen foarkomme. Yn it Aldfrysk kaam it foar as 'kessa'.

It komôf fan it wurd is net bekend, mooglik is it ûntstien as in onomatopee, in wurd dat út in klankimitaasje ûntstien is. Hoe lang oft 'kessa' it folholden hat, is min nei te gean, mar ik haw der sa fluch gjin foarbylden fan fine kinnen fan nei de 15de iuw. Der hawwe yn de rin fan 'e iuwen wol ferskate oare wurden west mei deselde betsjutting, lykas 'patsje', 'ûlkje' en 'tútsje'.

(5) Minsken hâlde der net fan dat yn in taal twa wurden foarkomme mei deselde betsjutting. Unbewust stribje se dernei om dy situaasje op te heffen. Dat neame wy it prinsipe fan Von Humboldt. Soms feroarje se de betsjutting fan ien fan 'e twa wurden, soms litte se ien fan 'e twa út de taal ferdwine. Sa hat 'bern' it wûn fan 'kyn' en 'faam' fan 'meid'.

(6) Ik kin my dêrom foarstelle dat 'kessa' de striid úteinlik ferlern hat fan konkurrearjende foarmen. 'Patsje' en 'ûlkje' hawwe it ek net oprêden. 'Tútsje' hat hjoed de dei it hear feitlik allinnich. Spitigernôch is der foar 1800 mar sa'n bytsje Frysk skreaun dat wy nei alle gedachten nea neigean kinne hoe't de ferskillende synonimen inoar bekonkurrearre en út it stee wrot hawwe.

(7) It is opfallend dat it Nederlânsk wol twa gongbere synonime wurden foar 'tútsje' hat: 'zoenen' en 'kussen'. Ik haw de yndruk dat der in sterke yndividuele foarkar foar ien fan de twa is. Mooglik is dat ek in regionalen ien. Ik bin benijd oft ien fan 'e twa yn ús tiid noch ferdwine sil.

*naar: Henk Wolf, itnijs.frl, 4 februari 2016*

*De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen.*

*Het College voor Toetsen en Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.*